

| ID | Agendapunt                                                  | Fractie | Vraag                                                                                                                                                                                                                                                                           | Antwoord                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                             |
|----|-------------------------------------------------------------|---------|---------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------|------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------|
| 22 | Commissie ROM 10-04-2025 6.<br>Bestemmingsplan Nes - Pean 1 | FNP     | Wat is it tal steancaravans en hoefolle sjalets binne der tastien? Meie der apparteminten yn it besteande gebou makke wurde? En krije dizze apparteminten in wenbestimming of in rekreative bestimming?                                                                         | Der binne twa steancaravans tastien foar de sylskoalle. Der binne tolve rekreaasjewenten (sjalets) op it perseel tastien. Binnen it bestemmingsplan binne gjin apparteminten tastien.<br><br>Er zijn 2 stacaravans toegestaan ten behoeve van de zeilschool. Er zijn 12 recreatiewoningen (chalets) op het perceel toegestaan. Binnen het bestemmingsplan zijn geen appartementen toegestaan.                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                        |
| 21 | Commissie ROM 10-04-2025 6.<br>Bestemmingsplan Nes - Pean 1 | FNP     | It is de FNP net dúdlik hoe't it mei de slutingstiden fan de hoareka sit. Kinne jim dit neier spesifisearje.                                                                                                                                                                    | Troch de wike jildt in slutingstiid fan tolve oere jûns. En yn it wykein jildt in slutingstiid fan twa oere nachts.<br><br>Doordeweeks geldt een sluitingstijd van 0.00u. En in het weekend geldt een sluitingstijd van 2.00u.                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                       |
| 20 | Commissie ROM 10-04-2025 6.<br>Bestemmingsplan Nes - Pean 1 | FNP     | De kosten wurde dutsen út de reguliere middels en in part dêrfan wurdt ferhelle op Pean. Kin in neiere spesifikaasje wêze fan de kosten en dêrby de kostepost oanjûn wurde wa't dat betellet en wat de reden is dat dizze partij de beteljende partij is. (Pag 4 riedsfoarstel) | Lykas gebrûklik slute wy mei inisjatyfnimmers in anterieure oerienkomst. Yn dizze oerienkomst meitsje wy ôfspraken oer de kosten foar amtlike ynset, kommunikaasje(middelen) ensfh. Op dizze wize wurde de kosten ferhelle op de inisjatyfnimmer en net op de ynwenners fan de gemeente. Ek yn it gefal fan de inisjatyfnimmer fan Pean hawwe wy hjiroer ôfspraken makke. Derneist wurde reguliere leezjes yn rekken brocht foar fergunningferliening, ensfh.<br><br>Zoals gebruikelijk sluiten wij met initiatiefnemers een anterieure overeenkomst. In deze overeenkomst maken wij afspraken over de kosten voor ambtelijke inzet, communicatie(middelen), etc. Op deze wijze worden de kosten verhaald op de initiatiefnemer en niet op de inwoners van de gemeente. Ook in het geval van de initiatiefnemer van Pean hebben wij hierover afspraken gemaakt. Daarnaast worden reguliere leges in rekening gebracht voor vergunningverlening, etc. |

|    |                                                             |     |                                                                                                                                                                                                                                                                                                                   |                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                                      |
|----|-------------------------------------------------------------|-----|-------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------|--------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------|
| 19 | Commissie ROM 10-04-2025 6.<br>Bestemmingsplan Nes - Pean 1 | FNP | Mei Pean is in anterieure oerienkomst ôfsletten wylst it gebrûklik is om de gemeentlike kosten yn dizze prosessen op Pean te ferheljen. Wêrom is hjirfoar keazen en wat foar konsekwinsjes hat dat?                                                                                                               | <p>In gemeente is ferplichte om mei in insjatyfnimmer ôfspraken te meitsjen oer de amtlike kosten. Dat is yn dit gefal fia de gebrûklike wurkwize by kommersjele plannen troch in anterieure oerienkomst fêstlein.</p> <p>Een gemeente is verplicht om met een initiatiefnemer afspraken te maken over de ambtelijke kosten. Dit is in dit geval via de gebruikelijke werkwijze bij commerciële plannen middels een anterieure overeenkomst vastgelegd.</p>                          |
| 18 | Commissie ROM 10-04-2025 6.<br>Bestemmingsplan Nes - Pean 1 | FNP | Sa't yn it riedsfoarstel oanjûn wurde kin, ferneatiging fan de omjouwingsfergunning wol syn wjerslach hawwe op it bestemmingsplan. Kin der útlein wurde wat dit juridysk betsjut foar it bestemmingsplan as dat fêststeld wurdt yn de Gemeenteried foardat de Ried fan Steat de omjouwingsfergunning ferneatiget? | <p>As en wannear de Raad van State de omjouwingsfergunning - út 2021 - ûnferwachte ferneatigje soe, dan jout it bestemmingsplan dochs de juridyske en planologyske basis foar sawol it gebrûk, as it bouwen fan de tolve sjalets.</p> <p>Indien en wanneer de Raad van State de omgevingsvergunning – uit 2021 - onverhoopt zou vernietigen, dan biedt het bestemmingsplan alsnog de juridische en planologische basis voor zowel het gebruik, als het bouwen van de 12 chalets.</p> |